

Ensafh, jiergong 7, nû. 1

Redaksjoneel

Nij! – In nij jier, en ek dingen dy't nij binne oan Ensafh. Wy jouwe elk papieren nûmer in tema mei, dêr't in part fan de bydragen mei gearhinget. As earste tema hawwe wy 'nij' keazen, en in tal nije Fryske skriuwers útnoege om har dêrtroch ynspirearje te litten.

In nije einredakteur hat de papieren Ensafh ek. Janneke Spoelstra hat sûnt hjerst 2012 noed stien foar moaie nûmers, mar wol har neist it redaksjelid wêzen no rjochtsje op twa oare nijsgjirrige literêre projekten. Tankewol, Janneke! Ik fyn it in eare en in útdaging om tenei Ensafh op papier te fersoargjen. It einredakteurskip fan 'e digitale helte fan ús tydskrift, www.ensafh.nl, hat Jelma Knol fan my oernommen.

Neist ús fjouwer reguliere jeften en it Rely Jorritsmapriis-nûmer, komme wy fan 't simmer wer mei in nij spesjaalnûmer: oer de âlde Germanen as ynspiraasje yn 'e Fryske literatuer. De essays dêryn sille gean fan 16e-ieuske skiedskriuwing oant Willem Schoorstra syn *Rêdbâd* (2011).

Wat 'nij (maitiid, lûd...)' oangiet, hawwe wy fan Ensafh ferline jier spitigernôch it Herman Gorter-jier (150 jier Gorter, 125 jier *Mei*; û.o. yn Balk) fersitten... Mar dit jier is it hûndert jier lyn dat de Tachtiger-fan Douwe Kalma (1896-1953) de Fryske taal en literatuer nij elan en nije ambysje besocht te jaan mei syn *Jongfryske Beweging* (Dokkum 1915; mei as ûndertitel 'For myn fryske en ingelske frjeonen!'). Kalma wie in tsjinstridich en ek no noch kontroversjeel literator/beweger. Syn wurk en dat fan syn folgelingen hat beskiedend west foar de ûntjouwing fan it Frysk ta safolle mear as 'gewoan in leuke streektaal'. Dêrom sil Ensafh yn 2015 mei in ferskaat oan bydragen omtinken jaan oan Kalma en de Jongfryske generaasje. Yn Fryslân is bestudearring fan de Fryske literatuerskiednis ommers noch hieltyd in taak foar de Fryske skriuwers sels.

De namme 'ensafh'

Net nij is ús namme: dy bliuwt sa't er wie. Ensafh is yn 2008 ûntstien út de fúzje fan *Hjir* (Frysk literêr tydskrift, sûnt 1972) en *Farsk* (digitaal literêr tydskrift mei papieren jierboeken, sûnt 2003). Dat wy fan beide periodiken it ferfolch binne, litte de skean printe *f* en *h* sjen.

As redaksje binne wy wend om de namme Ensafh mei twa wurdliiden út te sprekken. Sûnder '-uorthinne' dus. Mei in nasalisearre *e*, en meastentiids de klam (suver wat eksoatysk) op 'e *a*. En om mei de betinker fan ús namme, Jacobus Q. Smink, te sprekken: 'de *f* is stimleas en de *h* is stom'. Lykas yn *Hjir*. Mar hy stiet der ál, want it is sa yn it Frysk dat elke letter telt (wat oars de 'Reboe/ûlje' fan de ôfrûne twa jier ek toand hat). Hawar, it leafst wurde wy dus útsprutsen sa't it der stiet.

Dirk van der Veen (1965-2015)

De ûnbekendste Fryske literêre skriuwer fan syn generaasje wie er faaks – op www.sirkwy.nl hie er by libben gjin biografy. Op 13 jannewaris is Dirk van der Veen ûnferwachts ferstoarn yn syn wenning yn Grins, noch mar 49 jier âld. De auteur fan ien ferhalebondel (*It tal mooglikheden is sawat ûneinich* út 2006) mijde it literêre fermidden. Ien kear haw ik him moete, goed twa jier lyn op 'e nijjiersborrel fan Ensafh: in ferlegen reus, dy't sûnder syn skriuwkammeraat Sjieuwe Borger net kommen wie en him tefoarren moed yndronken hie.

Dirk syn koarte ferhalen binne unyk yn har yntinsiteit en it skynber achteleas each foar pynlik detail. Hy wie in grut stilist, dy't syn ferhalen spannend hast ta stilstân bringe koe troch it masterlik tapassen fan werhellings – in stylmiddel dat guon kritisy yrritearre. Gauris wiene syn haadpersoanen bûtensteanders, spilen syn ferhalen har ôf yn 'e marzje fan 'e maatskippij. Yn kontrast mei it wrâldsje fan drugs en huorren skreau er yn in selsbewust fersoarge, soms suver wat argaysk, Frysk dêr't altyd wol wat wrange humor yn siet. Ik hoopje dat Dirk syn fersprate en net-publisearre ferhalen ta in twadde bondel samle wurde, en dat ek it 1996-1999 yn De Blauwe Fedde ferskynde 'Modesta' ienris *Modesta* wurdt.

André R. Looijenga

Ynhâld

5. Redaksjoneel
7. Tryntsje van der Steege
Ald wurdt nij
8. Margreet de Jong
Nij
10. Obe Alkema
Twa gedichten
12. Obe Alkema
Sic transit gloria mundi
14. Maike Bouma
Nije berjochten foar Doeke Swart
17. Joël Huitema
tongslach
as nij
19. Forina van der Zee
Wat na
25. A.R. Looijenga
En heftich is de dreamblom iepenblet
Repeat (in steuring)
27. Geart Tigchelaar
'sjoch, katsjes mei pompeblêdfachtjes krûpe út in trekker': oer de poëzij fan Abe de Vries nei oanlieding fan Ravensulver/Ravensilver
35. Pier Boorsma
oer it materialisme
36. Obe Alkema
évolution inversée (hoe't picasso as glitch gif / flitsmist)
38. Edwin de Groot
En ta beslút is dêr de godlike fyk
44. John Bosma
(sûnder titel)
45. Geart Tigchelaar
It famke
47. Geart Tigchelaar
Groteske, humoristyske, aburdistyske, dadaïstyske en surrealistyske ferhalebondel mei hjir en dêr in bytsje tragyk

50. Andries Miedema
Mist
51. Cornelis van der Wal
Skatsykje yn in boekegrêf: de samle fersen fan Jan Wybenga
59. Geart Tigchelaar
Kattrup (DK), 05-12-2014: Hej Elmar,
61. Elmar Kuiper
Ljouwert, 07-01-2015: Hoi Geart,